



*Ruth Vulto-Gaube, Kaatsen.  
Ur: Bylden fan de PC, Franeker, 2003.*

*ballen út Peins. Heger en noch kreker te plak kamen de ballen fan Hotze Schuil achter yn it perk – in perfekte bal, in perfekte opslagger, in perfekte skatting.*

*Hotze wie entûsjast. Hy skreau in briefke dat goud wurdich wie: 'ballen die aan de hoogste eisen vol-doen, w.g. Hotze Schuil'. Kening Hotze joech in keninklik triuwke, better koe men net betinke. As dy keningen yn de omkriten fan Peins wiene, namen*

*se wat ballen mei, ferwikselen dy op de wedstriden en keatsten mei De Haan-ballen, as se dy dêre net hiene.*

*Der wie noch immen dy't in triuwke joech: Thomas de Groot, foarsitter fan de KNKB, minskekenner by útstek, makke in praatsje: 'Soene jo net offisjeel leveransier fan ballen foar de KNKB wurde wolle?'*

#### **Boartersguod**

*Dit jier krige pakesizzer Hylke op syn jierdei fan pake in keatsbal, mei syn hântekening en in hâlder. Nef-fens my kinne wy hjoed hjirre de lêste eare oan De Haan bewize troch elk in troch him makke keatsbal te jaan. Ta oantinken. It moaiste stik boartersguod dat ús Leave Hear skonken hat. Sels soe er it net wollen hawwe. Wy jouwe in lyts triuwke mei, en sizze, doch it mar. Jou elkenien mar in bal, as teken fan ús respekt foar de kreaasje dêr't jo de skepper fan wiene. En sjoch, hy seach en it wie goed ... Amen.'*

Nei dy wurden oer de keatsbal en ús heit kaam Marten de Boer mei in kuorfol keatsballen oan de earm fan de preekstoel. Hy rûn by de banken lâns en lange elk in keatsbal oer.

Doe't ik letter fan it hôf kaam, nei de beïerdiging, rûn in frommeske fan it âldereinhûs yn Harns op my ta.

Se sei: 'Ik woe jo noch wat fertelle. Doe't ik jo heit syn lêste pak klean oanluts, haw ik de keatsbal dy't er altiten op tafel lizzen hie yn syn bûse treaun. Ik tocht, dy man kin net sûnder keatsbal op reis. Fertel it mar net fierder.'

No, nei it werlêzen fan Marten syn preek, fyn ik dat de geste fan it frommeske der moai by past, sokke froulju binne goud wurdich

– mei in keatsbal de ivichheid yn. Oeral kin boarte wurde. No sa.

*Josse de Haan*

## *Perkspiler*

It perk om dy hinne,  
dyn namme falt,  
hearst stimmen op de banken,  
immen rekket dy oan  
dyn namme falt,  
do bist syn soan.

It perk jout gjin romte,  
dyn namme falt,  
kinst him sykheljen hearre,  
it komt te nei-oan  
dyn namme falt,  
do bist syn soan.

It perk hâldt dy finzen,  
dyn namme falt  
do kinst dyn grinzen  
en aanst giest der oan  
dyn namme falt  
do bist syn soan.

*Baukje Wytisma*